

Op reis mei Douwe Kalma

Jan Menno Rozendal



oarewurden



otherwords

Op reis mei Douwe Kalma

Ynlieding

Ek hjoed skynt de sinne wer. It betsjut foar my it fêste stramyn: lichte klean oan, rêchtas mei, trappen ôfdinderje en dan gau nei bûten ta. Lykas sa faak yn dizze wiken gean ik nei *Tumbe Kafe*, de heuvel oan 'e súdkant fan Bitola. It loopke giet troch de drokke winkelstrjitte *Shirok Sokak*, troch it stedspark, by it ferfallen fuotbalstadion lâns, dêr't *FK Pelister* syn wedstriden sûnder in soad súkses spilet.

Oan it begjin fan 'e heuvel hâld ik, ek al fêste prik, ho by de kofje-automaat. Tsien denar freget er, amper 15 eurosinten foar in ekstreem swiet bakje brúneftich focht. De sûker is lykwols net út te skeakeljen, alteast ik wit net hoe. Dan komt no noch it swierste stik fan de kuiier: de heuvel is dan wol net hiel heech, mar de wei nei de top och sa steil. Ienkear boppe jou ik my del op it bankje. Myn bankje.

Ik sit mei de beswitte rêch nei de stêd. Links en rjochts leit in berchlânskip en foar my út strekt him it dal út. Earne fierderop, himelsbreed sa'n 10 kilometer, leit de grins mei Grikelân. Mar hoe't ik ek fierkje, it lânskip jout gjin hint wêr't dy grins presys wêze moat. 'It is allegear Masedoanië,' is my, oan beide kanten fan dy troch minsken betochte skiedsline, fakernôch sein. Mar wát Masedoanië dan presys is, en fan wa? It is net maklik, Masedoanië is in *fluïde konsept*, haw ik heard fan minsken mei in poëtyske siel.

Myn tinzen geane nei juster. Under in protte ynternasjonale belangstelling is der hjir yn it lân in referindum hâlden, oer de mooglike nammewizing fan de 'Eardere Joegoslavyske Republyk Masedoanië' yn 'Republyk Noard-Masedoanië'. Alles moat fansels in kear útfûn wurde; lânsgrinzen, in taal, in namme... Ik hâld op te mimerjen, nim in slok wetter en pak it tinne boekje út de tas dat ik hielendal út Fryslân wei hjirhinne tôge haw. It hjit *Fryslân en de Wrâld*. Skriuwer is Douwe Kalma.

It fenomeen Kalma

Op 3 april 1896 wurdt it echtpear Kalma yn Boksum foar it earst, en lêst, ferblide mei de berte fan in bern. De ienlingssoan sil Douwe hjitte. Al op 11-jierrige leeftyd moat de jonge allinne troch mei syn mem: syn slim sike heit sjocht inkeld noch in útwei yn in selskeazen dea. Mei wat feinten roaie mem en soan it, mar foar Douwe is gjin takomst op it lân weilein: hy kin goed leare en giet nei it Gymnasium yn Snits. Letter folget er in stúdzje Teology. Mar ek op de kânsel soe syn takomst net lizze, en de stúdzje wurdt al gau wer ôfbrutsen.

De jonge Douwe hat dan al aardich mei de pinne fan him hearre litten. Yn 1913 debutearret er mei stikken yn *Sljucht en Rjucht*, it blêd fan Waling Dykstra dêr't in soad lju fan it Frysk ('Ald') Selskip fan 1844 yn skriuwe. Net lang dêrnei folgje kritiken yn de grutste Fryske krante, de *Leeuwarder Courant*. Mar de ambysje fan de jonge baas rikt noch fierder: hy stjoert ek artikels nei de lanlike *Telegraaf*, en se wurde pleatst. Syn skerpe toan falt op by sawol tsjin- as meistanners: bewûnderers en kritikasters fan it nije fenomeen falle dan ek al gau oer inoar hinne.

Dat bart alhielendal as Kalma op 20 novimber 1915 de *Jongfryske Mienskip* stiftet, mei himsels as strieljend middelpunt. Al gau moat er wol wat macht oan oaren oerdrage: Douwe moat nammentlik ûnder de wapens, want ek yn it fierder neutraal bleaune Nederlân wurdt de driging fan de Grutte Kriich sterk field. Ut byld ferdwynt Kalma lykwols net: hy is en bliuwt ommers de selsbeneamde lieder fan wat it nije Fryslân wurde moat. It nije Fryslân dat de periphery en boerskens efter him litte moat om in sintraal plak op te easkjen yn wat Kalma sjocht as de Noardseekultuer. In ynternasjonale hâlding oannimme dus, en tagelyk mei heechwaardige keunst komme: de latte wurdt fan it begjin ôf heech lein.

Mei it om him hinne sammeljen fan de Fryske jongerein woe Kalma sa de Fryske striid, de striid ta behâld mar ek de ûntwikkeling fan *it eigene*, oantrune. En net allinne dat: hy woe dy striid ek liede. It late by syn tsjinstanners ta spottende nammen as de *Kening fan Fryslân*. In kening dy't in pear krisissen wist te oerlibjen, mar úteinlik dochs foar syn tiid ôfset waard.

Yntern hearske der yn 'e *Jongfryske Mienskip* nammentlik al gau in rûzje-eftige sfear, wêrby't Kalma sels regelmjittich it middelpunt fan 'e ûnfrede wie. It iepenstellen fan it fan oarsprong keunstnersselskip ta in selskip dêr't elkenien lid fan wurde woe, de polemyske taal fan Kalma yn 'e rjochting fan tsjinstanners, de kontinu wikseljende ideeën oangeande polityk, religy, taktyk of ideology fan harren lieder, it holp allegear net mei. De fersuchting dat Kalma faker fan ideology en koers wiksele as fan klean wie net om 'e nocht.

Wie Kalma eins wol yn 'e widze lein om dizze liederrol op him te nimmen? De bibliografy oer him liket te suggerearjen fan net: in goed skriuwer makket omers noch gjin goed lieder of politikus. Syn polemyske, faak persoanlike styl makket syn skriuwwurk ynteressant, mar foar in liederrol wurdt mear takt en betochtsumens frege. Kalma luts dan wol mei oansprekkend gemak folgelingen oan, mar stjitte se ek krekt sa gau wer ôf. It politike aventoer dêr't er him úteinlik mei syn freon Fedde Schurer ynstoart, de *Kristlik-Demokratyske Uny*, wurdt dan ek gjin súkses. Kalma rekket hieltyd fierder fan it striidtoaniel ôf, sels de *Mienskip* rekket er nei wer in nije argewaasje kwyt. Yn 1931 ferlit er Fryslân om yn Eindhoven as dosint oan it wurk te gear. Syn rol yn 'e *Fryske Beweging* liket dan útspile.

Oan 'e ein fan 'e tritiger jierren is lykwols alles wer oars: de skriuwer makket in glorieuze comeback as er op de 6^e maaie fan 1939 yn Grins syn dissertaasje oer Gyspert Japicx ferdigenet. It is it earste yn it Frysk skreaune proefskrift en *doctor* Kalma wurdt wer mei leafde yn it Fryske kultuerlibben ynhelle. Mar krekt sa gau as er wer yn 'e belangstelling komt en bewûndere wurdt, ferliest er ek wer alle status. Dit as gefolch fan it twadde grutte konflikt op it wrâldtoaniel.

Nei't de Dútsers Nederlân binnenfoelen yn maaie 1940, wisten se gau harren wei yn 'e rjochting fan 'e foaroanmannen fan 'e *Fryske Beweging* te finen. Wienen dy omers net ree ta meiwurking oan it nije gesach, dat miskien wol mear iepen stie foar de winsken fan Fryslân as eartiids it 'Hollânske' regear?

Om mei dizze nije situaasje om te gean en mei ien mûle te praten, wurdt besletten ta it oprjochtsjen fan in saneamd Trijemansskip, wêryn't sawol it liberale Ald Selskip as it Kristlik Selskip sitten hawwe moat, mei dan noch in tredde persoan fan de *folkske rjochting*, in frijwat eufemistyske namme fan it nasjonaal-sosjalisme. Kalma sjocht himsels dêrby as ideale represintant fan it Ald Selskip, mar oerspilet syn hân troch te bekennen sûnt koart lid te wêzen fan in Fryske fassistyske partij. Alarmearre troch dizze ûntwikkeling skoot it Ald Selskip no nammegehoat J.J. Kalma nei foarren, en de rol fan Douwe is op 'e nij sawat útspile.

Dat Kalma ek yn it fierdere fan 'e kriich kollaborearret mei de besetter wurdt him nei de befrijing yn 1945 swier oanrekkene: hy kriget in lang publikaasjeferbod. Dêr hâldt er him lykwols net oan: sels tinkt er yn typyske Kalma-styl dat er mar min behannele is, mar yn it middelpunt fan 'e *Fryske Beweging* komt er nea wer. Hy lûkt him werom yn 'e Rottefalle, dêr 't er wurket oan it oersetten fan it kompleete wurk fan de troch him bysûnder bewûndere Shakespeare. Wylst er dwaande is mei de lêste leadsjes, wurdt er yn 1953 skept troch in auto. Hy stjert as er noch mar 57 jier âld is.

Miskien wol de meast ferneamde Nederlânske histoarikus ea, Johan Huizinga, typearre de (doe noch jeugdige) Kalma as: in opmerklik bejeftige temperamintfolle jongeman, mei in gefaarlik produksjegemak. De *heechdravende wurden* yn Kalma syn wurk neamt Huizinga dêrby typysk provinsjaal: it oanlutsen wêze troch it mystike om sa de periphery te ûntstijgen. Sa is it ek yn Kalma's ferneamde wurk *Fryslân en de Wrâld*.

Fryslân en de Wrâld

In fenomeen, in idoal sels, mar ek in yntrigant, in dilettant, in rûzjemakker... it is allegear op Douwe Kalma fan tapassing. Wat wie it dat him dreau yn safolle ferskate rjochtingen? Syn homoseksualiteit yn tiden dat soks, eufemistysk sein, noch net algemien akseptearre waard, jout dêrby net komselden ekstra foer foar spekulaaasje. Omdat er gjin frou beminne koe, woe er dat Fryslân *him* beminde, is sa'n gedachte dy't wolris útsprutsen wurdt. It hinget earne tusken psychology fan 'e kâlde grûn en in ynteressante ynfalshoeke yn.

Dochs is der tusken alle koerswikselingen yn wol ien fêste gedachte te abstrahearjen: it foarútbringen en folslein yn it ljocht setten fan Fryslân, dat oan it begjin fan 'e 20^e iuw wat in efterôfhoeke fan 'e wrâld is. Kalma wie yn dy hoedanichheid skeppend, net behâldend: hy woe gjin muorre om it lân bouwe, mar Fryslân sjen yn it gruttere gehiel fan de dingen. Fryslân tagelyk ynternasjonalsearje sûnder dêrby it eigene, bygelyks de taal, kwyt te reitsjen.

As lieder fan 'e nije generaasje oppenearret er him, dan noch altyd amper 19 jier âld, pas echt op de 29^e jannewaris fan 1916. Syn rede fan dy dei mei de titel *Fryslân en de Wrâld* is letter ôfprinte en ús oerlevere. It is de rede dy't ik meinaam nei Bitola, de tekst lês ik nochris wylst de sinne almar heger boppe de *Tumbe Kafe* komt te stean.

De rede is skreaun en útsprutsen midden yn de earste wrâldkriich. It meast yn it each springende elemint is dêrby de ûnderferdieling fan Europa dy't Kalma makket. Dit diel fan 'e wrâld dat sa mei-inoar omwrakselet, bestiet neffens him nammentlik út fjouwer parten: it Slavyske, it Latynske, it Teutoanske en it Anglo/Skandinavyske. Mar no komt de crux: wylst it foarhinne Teutoanske Hollân de ôfrûne desennia hieltyd 'Latynsker' wurden is, hat Fryslân eins altyd mear ûnderdiel west fan 'e Noardseekultuer, dus fan it Anglo/Skandinavyske part. Sterker, Fryslân is de *missing link*, de brêge tusken it Skandinavië fan Ibsen en Björnson en it Ingelân fan Keats en Shelley. Dy brêgefunksje, dat wie net minder as de Godlike taak fan Fryslân.

Sa'n ynstek hat in pear ymplikaasjes. Yn it foarste plak betsjut it in ferbining mei oare naasjes as de eigen: fansels de Skandinavyske en Ingelske, mar ek bygelyks de Fryske sibben yn it Noarden fan Dútslân. It Fryske nasjonalisme fan Kalma is dus tagelyk ek ynternasjonaal: it is net nei binnen mar nei bûten ta keard. Twad betsjut it tagelyk in ferbrekking fan 'e (kultuer)bannen mei Nederlân, it lân dêr't Fryslân fansels al iuwen yn elts gefal polityk en steatkundich mei ferbûn wie.

It ultieme, fierrikkende idee dat soks ek in politike ôfskieding fan Nederlân betsjutte kin, hat Kalma lykwols nea echt ta realistysk doel makke. Wylst Fryslân as selsstannige kulturfaktor in aparte funksje hie, bleauwen by him en de *Mienskip* de politike ymplikaasjes beheind.

It klinkt yn 'e begjinselbrieven letter wol troch dat Fryslân it *rjocht* fan ôfskieding hie, mar dêr bleau it by. Net allinnich by Kalma en de *Jongfryske Mienskip* trouwens, mar letter ek by oaren, oant hjoed-de-dei ta. It is, doar ik te sizzen, foar it grutste part eins in non-issue.

Ik besykje om dit, yn de tiid dat ik yn Bitola sit, oan in ferskaat fan Europeanen út te lizzen, hoe't sels de grutste namme fan de *Fryske Beweging* eins nea ûnôfhinklikheid ôftwinge woe. Dat falt net ta yn Bitola, in stêd dy't ynsluten is troch begraafplakken fan lju dy't foar folk en faderlân, foar in identiteit, omkaam binne hjir yn 'e heuvels fan 'e Balkan. De eigen identiteit twinge jo net allinne yn 'e rjochtseal, op konferinsjes, yn 'e periodiken of yn 'e universiteiten ôf: jo nimme besit fan 'e strjitte, fan it lân. Jo pakke as it moat de wapens op.

Wêrom is it eins nea safier kaam yn it Fryslân fan de tweintichste iuw? Der is fansels in wichtich histoarysk elemint: de *Fryske Beweging* kaam überhaupt pas op doe't de Nederlânske ienheidssteat al bestie. In steat dy't, mei Fryslân yn har midden, krekt sa lang stride moatten hat tsjin bûtenlânske oerhearskers. De steatkundige ferbining tusken Fryslân en wat dan mar 'Hollân' neamd wurdt, wie mei oare wurden selskeazen en mei in dúdlik doel. Dat 'Hollân' letter oerhearskjend waard en dat de lju yn Fryslân mear rjucht dwaan woenen oan harren eigen taal en *kultuer*, hat dan ek net direkt of automatysk *politike* konsekwinsjes.

Oer in twadde aspekt komme we ek wiidweidich te praten yn de kofjesaken oan de *Shirok Sokak*, en it komt derop del dat de Nederlanner, en ek de Fries, gjin revolúsjonêr is. No net, mar in iuw lyn ek net. Sels nei de ein fan 'e earste wrâldkriich, doe't hiel Europa yn beweging wie, bleau it relatyf rêstich yn it lân. Dat Troelstra oerhastich de sosjalistyske revolúsje útspruts, kaam dan ek al gau as 'fersin' yn 'e skiednisboekjes: it gehiel hie úteinlik dan ek net in protte om 'e hakken.

It betsjut wis net dat de ideeën fan Kalma yn de tiid fan *Fryslân en de Wrâld* frijbljuwend wienen: de skriuwer soe bygelyks altyd opkommen bliuwe foar it Frysk as earste taal yn it amtlik ferkear en op skoallen: it Hollânsk soe dan sekundêr brûkt wurde. Nochris in ynternasjonaal foarútsjoch: ek it Ingelsk soe neffens Kalma op 'e skoallen jûn wurde moatte.

Unyk wie Kalma mei syn ideeën út *Fryslân en de Wrâld* yn in protte opsichten trouwens no ek wer net. Al earder wie oan it begjin fan de 20^e iuw besocht om de Fryske jongerein te mobilisearjen, yn it *Boun Jong Fryslân* fan J.J. Hof, letter de aartsfijân fan Kalma. It idee fan in Noardseekultuer wie fierder op himsels ek net nij: oprjochter fan it Ald Selskip Harmen Sytstra hie soks ek wolris steld. It idee fan in see as sintrale as fan in dielde kultuer is fansels überhaupt net unyk.

Wat Kalma wol meijoech, wie in nij momintum oan de Fryske striid, en dat yn in tiid dat minderheidsgroepearingen har yn hiel Europa oppenearren. Yn Flaanderen bygelyks, yn Bretanje of yn Wales: as de (lange) 19^e iuw de iuw fan it nationalisme wie, dan wie oan de ein fan dy lange iuw de tiid kommen foar lytse- en minderheidstalen om harren plak op te easkjen. In gefal apart wie de Balkan, dêr't in wrâldmacht ferskronfele en ferskate groepen ree wienen om ek fysyk in plak foar harsels op te easkjen. Op bepaald fûldere wizen as yn Fryslân.

***Ilinden* en Masedoanysk selsbewustwêzen**

Foar no triuw ik Kalma werom yn 'e rêchtas, en pesjantelje ik de *Tumbe Kafe* del. Ik kom by twa gefjuchtsfleantugen út de Joegoslavyske tiid lâns, en sjoch fierderop in grut gebou. It is de âlde militêre akademy sa't dy hjir by de Ottomanen yn gebrûk wie oant it begjin fan de 19^e iuw. Ek Kemal Atatürk hat hjir noch in pear jier fan syn libben trochbrocht, it museum fan Bitola hat in permaninte útstalling oer him. Turkske toeristen witte it gebou te finen.

The sick man of Europe is ien fan de meast ferneamde en pregnante omskriuwingen fan in wrâldryk yn ferval. It Ottomaanske ryk wie net mei de tiid meigien, hie mânske skulden en seach syn macht en ynfloed yn de 19^e iuw oan alle kanten ôfbrokkeljen. Oan 'e westgrins fan it ryk, op de Balkan dus, oppenearren har ferskate groepen. De iuw fan it nasjonalisme makke hjir ek beweging los: ûnder oaren Servië, Bulgarije en Grikelân strieden foar (in gruttere foarm fan) autonomy en de Sultan koe net oars as belies jaan. Mar hoe siet dat mei de Masedoaniërs?

Om werom te kommen op 'e ynlieding: besteane de Masedoaniërs eins wol? Wêr begjint en einiget harren gebied, wa wenje dêr presys en wat is harren mienskiplik ferline? Is it miskien net foar neat dat der earst oan 'e ein fan 'e 19^e iuw in Masedoanyske beweging op gong komt dy't neitinkt oer de Masedoanyske identiteit? It is al 1893 as de *Ynterne Masedoanyske Revolúsjonêre Organisaasje* VMRO stifte wurdt yn Saloniki (it no-tiidske Grykske Thessaloniki). In ynterne organisaasje dus foar alle Masedoaniërs, mar dan wol mei in ynternasjonale oriïntaasje.

Foar dat lêste is it wichtich om te begripen dat de Masedoaniërs beseften dat harren striid allinne in súksesfolle ôfrin hawwe soe mei ynternasjonale stipe. It is dêrom dat de groep foar alles om oandacht siket; mei de ûntfiering bygelyks fan de Amerikaanske missionaris Helen Stone yn 1901. Der wurde yn dy jierren ek wat wy no terroristyske oanslaggen neame soenen, dien yn Thessaloniki, bygelyks op it Frânske passazjierskip *Guidalquivir*. Yn Masedoanië wurde dy saneamde *boatsmen* trouwens noch altyd as helden fereare, harren stânbyld hat in prominint plak krige yn Skopje.

Yn de maityd fan 1903 floeit der in soad bloed. Op de 4e maaie wurdt Gotse Delchev, ien fan de meast prominente revolúsjonêren, fermoarde. It komt ta fjochterijen troch it hiele lân, en oant seis kear ta wurdt besocht om ta in werklike revolúsje te kommen. Dat slagget net. En ek it *Ilinden*-opstân dat dêrop folget, wurdt gjin sukses. Mar, kontra-yntuïtyf, dat wie ek net fuortdaalk it doel. De VMRO hie nammentlik in grutter doel foar eagen: anty-Turkske gefoelens by de Europeeske machten oanboarje sadat dy yn it gebiet yngripe soenen. Synysk sein: it wie hoopjen op sokke hurde represailles fan de Ottomanen op de revolúsje, dat 'Europa' net langer wurkleas oan de kant stean bliuwe koe.

It lok wie allinne net mei de revolúsjonêren. Yn it foarste plak wie Masedoanië yn 1903 net klear foar in opstân, net as it op wapens oankaam, of op organisaasje. It twadde probleem wie dat it doel fan de revolúsje net foar elkenien itselde wie: ien groep striders hie in ûnôfhinklik Masedoanië foar eagen (de separatisten), in oare groep seach Masedoanië wer as ûnderdiel fan Bulgarije, wêrmei't se de taal dielden (de unitaristen).

Net komselden wienen de striders fan de VMRO dan ek ôfkomstich út Bulgarije, of hienen se dêr yn alle gefallen harren oplieding hân. It tredde punt wie taktysk fan aard: krekt yn dy tiid, sa om 1900 hinne, wienen de Europeeske grutmachten net fan doel om op de Balkan yn te gripen. Om ferskate redenen woenen se de *Sick Man* swak, mar noch wol yn libben hâlde.

Dizze punten waarden wer- en erkend troch in protte revolúsjonêren: wichtige foaroanmannen as Delchev, Sandanski en Karev hienen harren dan ek útsprutsen tsjin oerdwealske en oerhastige aksjes. Mar sy waarden oerstimd troch de mearderheid, dy't no de tiid ryp achte om it lont yn it krûdfet te stekken.

Op de 2^e augustus fan 1903, op de dei fan Sint Ilias (Ilinden) sette de revolúsje útein. It begûn yn it stedsje Krushevo, heech yn de bergen en mar kwealk te berikken. Tsjien dagen lang holden de Masedoaniërs it dan ek fol, tsien dagen dat de 'Republyk Krushevo', de earste ea op de Balkan, útroppen waard. Dan komme de Ottomanen om oarder op saken te stellen, op de ferwachte bysûnder grouwélige wize. Fan Europeesk yngripen op de slachting is gjin sprake.

In mislearre revolúsje dus, mar ien dy't letter dochs as bysûnder wichtich sjoen wurdt yn it ynstallearjen fan in Masedoanyske identiteit. Sa sprutsen de revolúsjonêren net allinne it Kristlike part fan 'e befolking oan, mar ek it Islamityske. Yn in, foar it oare net letterlik oerlevere, pamflet waard oan de lokale moslims, dy't religieus fêst mear sympaty foar de Ottomaan as de Masedoaniër hie, dúdlik makke dat sy ek foar har en har rjochten striden. It konflikt wie mei oare wurden net religieus, mar dat fan *alle* Masedoaniërs tsjin in mienskiplike besetter. In besetter dy't boppedat in swiere belestingdruk fierde en feodaal ynsteld wie. Is it tefolle sein om hjiryn in link te sjen mei de Fryske lilken oer it Hollânske absinteïsme?

Werom nei *Ilinden* dan mar, en wat der efternei kaam. De ynterne striid tusken de unitaristen en separatisten wurdt in pear jier letter yn in kongres yn Rila yn it foardiel fan de lêsten besljochte: in autonoom Masedoanië wurdt dan it doel fan de VMRO. In doel dat pas yn 1991 benadere wurde soe.

Selsbeskikkingsrjocht: taal en identiteit

Mei Kalma noch altyd by my rin ik werom troch it stedspark fan Bitola, dêr't stânbylden fan de lokale fallen helden my oanstoareagje, helden út ferskate konflikten en ferskate tiden. Dizze omkriten hawwe dan ek in protte oarloegen meimakke: yn de earste wrâldkriich lei it grutte Balkanfront tichteby de stêd. En dêrfoar waarden de Balkanoarloegen fierd; earst mei alle Balkanfolken, dat wol sizze Serven, Bulgaren en Griken tsjin de Ottomaan, dêrnei tsjin inoar. Mei Masedoanië as ynset.

Alle trije mienden se oanspraak op it lân meitsje te kinnen, óf út histoarysk, óf út linguïstysk, óf út etnysk eachpunt. Fan it suden út de Griken, fan it easten út de Bulgaren, fan it noarden út de Serven. Fia ynfiltraasjes, tsjerkeskiedingen, foarljochting, fjochterij en sjarme-offinsiven besochten alle trije it stik lân en har ynwenners foar harren saak te winnen. Alle trije sykje se, en fine dy ek, stipe foar harren claim by in Europeeske macht. By eintsjebeslút wurdt Masedoanië dan yn 1913 troch de trije lannen ferparte.

Wylst de Amerikaanske president Wilson yn 1918 sprekst fan selsbeskikkingsrjocht foar folken oer de hiele wrâld, in speech dêr't ek de Jongfriezen fan Kalma mei mear as gemiddelde ynteresse nei harkje, hawwe de Masedoaniërs dan gjin eigen lân en gjin (erkende) taal. De Griken geane dêrby sa fier dat yn har diel it sprekken fan de Masedoanyske taal sels yn privee-omstannichheden ferbean wurdt. Sa slim soe it yn Fryslân nettsjinsteande de Hollânske oerhearsking nea komme.

De twadde wrâldkriich soarget wer foar in nije diminsje, benammen yn it Servyske part. Dat diel fan Masedoanië fielt himsels al langer marginalisearre troch de Serven en dus wurde de Bulgaarse fassisten yn earste opslach as befrijers ferwolkomme: wienen dat ommers net de sibben mei sawat deselde taal? Mar op harren bar toane de Bulgaren har ek minne lieder, wêrnei't de befolking har op 'e nij ûnderdrukt fielt.

In sentimint dêr't partizanelieder Tito linich op ynspilet: hy stjoert syn sekondant Tempo nei it gebied om it ferset te organisearjen, en as de Asmogendheden net folle letter definityf ferslein binne, wurdt Masedoanië in part fan it nei-oarlochske Joegoslavië.

Wer in 'part fan' dus, mar diskear dochs mei mear autonomy, as ûnderdiel fan in federatyf ferbân. Troch de (noch altyd troch Servië oanfierde) Joegoslaven wurdt sels in nasjonaal bewustwêzen yn de herten fan de Masedoaniërs plante. Dat dienen se trouwens ek wol út eigenbelang: troch Masedoanië it eigen plak ûnder de sinne te gunnen, soenen de ynwenners der net sa gau ta komme om de ultieme befrijing dochs wer yn it easten, by de Bulgaren, te sykjen.

Taal is en bliuwt yn dizzen in wichtich ûnderskiedend kultuerelemint. In masterset fan Tito is dan ek it (foar it earst) offisjeel erkennen fan de Masedoanyske taal as 'eigen', en net langer as 'Bulgaarsk aksint.' Ek it momint is symboalysk: it bart op 2 augustus 1944, op *Ilinden*-dei dus. In jier letter wurdt it Masedoanyske alfabet standerdisearre, al wie it wol ûnder protest fan de Bulgaren dy't dat allegear, net hielendal sûnder rjocht, mar as in 'Joegoslavyske útfining' beskôgen.

Mei dy 'útfining' wie it noch net dien: de 'nasjonale skiednis' fan Masedoanië, mei de klam op it Slavyske ferline fan it lân, krige bygelyks in protte omtinken yn de Joegoslavyske skoalboekjes. Fierder waard der sels in Masedoanysk-Otterdokse tsjerke stifte. Ta grutte militêre konflikten kaam it ûnderwilens yn dizze en lettere jierren net mear: Bulgarije siet yn it Warschau-pakt, Grikelân kaam yn 'e NAVO en Joegoslavië socht en fûn syn eigen wei yn it Titoïsme. In nije balâns hie him foarme, in balâns lykwols dy't nei de dea fan Tito en it útinoarfallen fan de Sovjet-Uny en har fazallen bliken die uterst brekber te wêzen.

Sa waard it wurd 'Balkankriich' net allinne eat fan it fiere ferline, mar ek fan 'e njoggentiger jierren fan de 20^e iuw. Joegoslavysk Masedoanië ropt ek de ûnôfhinklikheid út, en it bliuwt sparre foar de grutte wantastannen dy't bygelyks wol yn Bosnië en Kosovo barre.

It holp dêrby miskien dat Bulgarije fuortdaalk as earste it lân erkende (al wie it allinne as 'steat' en net as 'naasje') en ek de Griken besochten net om in part fan Masedoanië by Grikenlân te lûken. Allinne, dy namme...

Noard-Masedoanië, Fryslân, Europa en de Wrâld

De treppen op en ik bin wer yn it appartemint. Ik lis Kalma op e tafel en doch de telefyzje oan: it nijs fansels. De grutte mearderheid fan 'e Masedoaniërs dy't by it referindum stimd hawwe, hawwe dat dien op JA, wurdt dúdlik. Ik wit tagelyk ek dat de opkomst bysûnder leech wie: sels fan de jongerein dy't ik de ôfrûne tiid sprutsen haw, binne in protte thús bleaun: it foarstel sa't it der leit is mar in mislediging en boppedat: wat makket it allegear út? It defêtisme is hjir och sa grut, polityk is eat dat de minsken yn 'e wei sit, moaie praatsjes hawwe se al tefolle heard.

Mar hawar: as beide parleminten no akkoard geane, kin FYROM feroare wurde yn *Republyk Noard-Masedoanië*. In kreaze útwei, tink ik sels, mar ik wit dat ik dêr faaks wat al te nofteren foaroer stean. Ik skriuw in blog oer it referindum foar *Oare Wurden* en neam it *What's in a Name?* Dat it Kalma is dy't ek dizze wurden yn it Frysk oerset hat, lit my glimkje.

Is dit dan it lêste haadstik foar dit swier befochten stikje lân? It liket der net op. Wylst de grinzen yn it suden, easten en noarden no reedlik fêst lizze, is dêr yn it westen Albanië dy't in protte oanlûkingskrêft hat op de Kossovaren en ek de Albanezen yn Masedoanië. Benammen yn it noardwesten fan it lân wenje in protte moslims, dy't harren hjir twadderangsboargers fiele. Underwilens hâldt de Kristen-mearderheid harren mei erchtinken yn 'e gaten: hawwe sy hjir net te krijen mei in fiifde kolonne yn it lân? Ek yn Bitola binne de spanningen field, it late noch yn 2001 ta ferheftige rellen en fernielingen tusken beide groepen. De wurden en gebearten fan in lokale dichter, in pear dagen lyn noch mar, steane my by: hy knipte mei de fingers en sei mistreastich: 'It kin sa mar wer barre.'

Foar in bettere takomst wurdt ek hjir benammen nei it westen sjoen, dêr't it al lang sa relatyf rêstich is en de minsken yn foarspoed en frijheid libje. In Europa ek dêr't lytse en minderheidstalen offisjeel erkend binne, al moast in djippere erkenning foar it Frysk ôftwongen wurde op de likegoed ferneamde as beruchte *Kneppelfreed* fan 1951. It Fryske nasjonalisme bleau ek dêrnei lykwols beheind: sels de *Frysk Nasjonale Partij* hat net it doel om Fryslân fan de oare provinsjes fan Nederlân los te keppeljen.

Fan in keppeling tusken de Noardsee-kultueren is it ûnderwilens nea echt kommen, útsein wat gearwurkingen hjir en dêr. Kalma sels wie letter yn syn libben trouwens ek alwer op oare paden telâne kommen: fan syn wearze fan Dútslân wie bygelyks yn 'e Twadde Wrâldkriich net in protte mear te fernimmen. It tekenet de opportunist dy't Kalma wie: de heraut fan syn tiid wie foar it trochbrekken fan de *Fryske Beweging* fan grut belang, mar hy koe troch in tekoart oan ideeënfêstens en organisatoarysk talint net dy grutte rol spylje dy't minsken him tatochten yn 1916, doe't it stoarmsinjaal *Fryslân en de Wrâld* it Fryske kultuerlibben ris goed wekker skodde.

Wa wit, komme meikoarten Fryslân en Masedoanië yn ien grutter ferbân te sitten: mocht alles gean sa't it heart, dan kin Masedoanië ommers mei in pear jier yn de EU komme. De ferskillen tusken beide gebieten lizze fansels foar it oppakken: de periphery fan Fryslân, it sintrum fan rûtes dat Masedoanië is. It Fryslân dat yn relative frijheid en rêst har de lêste iuwen ûntwikkelje kinnen hat, Masedoanië dat salang en sa fûl ûnder de kwint hâlden is. It homogene Fryslân en it diverse Masedoanië. Fryslân as ûnderdiel fan Nederlân, Masedoanië as eigen naasje mei yn har fermidden wer oare minderheden...

As lêste: hat Kalma gelyk hân, is ek de folkssiele fan de Slaven in hiel oarenien as dy fan 'e lju fan 'e Noardseekultuer? Of binne ek dat *fluïde konsepten*?